

70 Jou, tsjanners fan God

Iepenbiering 7:9-12


Laudate Dominum

Charles Hubert Parry (1848-1918)



1. Jou, tsjin - ners fan God, jim Ke - ning de ear.
Rop út oer de wrâld de lof fan jim Hear.
Ja, priiz - je de nam - me fan Je - zus fol fjoer:
oer naas - jes en stam - men hat Hy it be - stjoer.

2. God troanet sa heech, almachtich is Hy.
mar bûcht Him omleech en komt tichteby.
In skare fan sill'gen bringt Jezus de ear.
Want Hy hat ús hill'ge, Gods Soan en ús Hear.
3. It heil komt fan God, dy't sit op de troan.
Jou allegear lûd en earje syn Soan.
De ingels ha tsjûge fan frede dy't kaam.
Lit elts him no bûge en priizje it Laam.
4. Wiswier, alle ear en wiisheid en macht
komt ta oan de Hear, dy't alles folbrocht.
Mei ingels ienriedich sil klinke ús stim:
Gods leafde is ivich. Us tank is foar Him.



A - men, a - men.

Charles Wesley (1707-1788)
Oersetting: David de Jong

Tink derom: de koda is net opnaam yn it *Gereformeerd kerkboek*.